[0683] SEALTERSK *BAALE* 'PRATE'

P. Kramer

Zusammenfassung

Die Ableitung von saterfriesisch baale *'reden, sprechen' aus rotwelsch* barlen (Us Wurk *38, S. 60-62) wird dadurch erschwert, daß älteres* rl *im Saterfriesischen entweder erhalten geblieben ist oder zu* dl *wurde. Auch die Änderung des Stammvokals von* baale *nach mundartlichen und grammatischen Kriterien entspricht im Saterfriesischen nicht dem Verhalten eines jüngeren Lehnwortes.*

Tige nijsgjirrich is it wurd *barlen* út 'e soldate- en boevetaal, dat Teake Hoekema[1] oanfiert as mûglike boarne foar Sealtersk *baale* 'prate'. It hat ek wol wat eigenskip dat de Sealters krekt út in geheimtaal sa'n wurd oernommen hawwe soene. As hannelers sille hja har eigen taal ek gauris as geheimtaal brûkt hawwe[2] en dan wie in wurd foar 'praten' fansels fan grut belang. It mear as de Leechdútske omkriten fêsthâlden oan wurden út frjemde talen komt yn Sealterlân wol faker foar, b.g. *Pe'tälje* 'flesse' (< frânsk *bouteille?), Schilleroatsje* 'skilderij'.

Dochs binne der inkelde beswieren. Alderearst is âlder *rl* yn it Sealtersk behâlden bleaun of ta *dl* wurden: *Waareld* 'wrâld', *Koarel* 'nôt', *Schäddel* 'doarp Scharrel', *Gäddel* 'gurle', *Heedel* 'flaakshaal', *keedelje* 'gearsjitte (fan molke)'. Dat betsjut dat de mûglike *r*-útfal yn *barlen* bûten it Sealtersk ta stân kommen wêze moatte soe en dêr jout Hoekema syn listke gjin foarbylden fan.

Mar al soe sa'n foarbyld al fûn wurde, dan wiene der noch problemen. *Baale* folget nammentlik kreas it lûdskema fan *staale* 'stalje, stelle; sette': yn Roomelse (Ramsloh) *aa* mei *oa* yn bûgde foarmen, yn 'e oare doarpen *a* mei *aa*[3]. Dat *baale* yn dit stik fan saken beynfloede wêze soe troch it folle minder frekwinte *staale* liket net wierskynlik.

---

1. T. Hoekema, *Us Wurk* 38 (1989), s. 60-62.
2. In pear foarbylden by: J. Botke, *Sealterlân,* Boalsert 1934, s. 28-30.
3. P. Kramer, *Us Wurk* 32 (1983), s. 70-77.

Oars hâldt in lienwurd yn it Sealtersk him gewoanwei net oan 'e grinzen tusken de doarpsdialekten. Sa is *Froage* 'frage' yn alle trije doarpen gelyk, sûnder ynfloed fan it folle frekwintere *Moage/Maage* 'mage'. Dat betsjut dat in mûglike ûntliening bard wêze moatte soe foàr de tiid fan 'e rekking fan *a* foar *ld* en dat jout foar in foarm mei al weiwurden *r* net folle eigenskip. Boppedat ûntbrekt yn 'e foarmen mei *a (balle)* de as kompensaasje foar de *r*-útfal op te fetsjen rekking fan it stamlûd.

Om de neamde redenen hâld ik it foarearst noch op myn ôflieding fan 'e yndogermaanske woartel **bhel*[3]. It dêr oanhelle Yslânsk-Noarske *bulla* 'eamelje' bewiist dat dy woartel ek foar 'prate' yn it Germaansk foarkaam. Dêrom is it hielendal net sa frjemd dat er ek yn it Sealtersk opdûkt, dat oars ek al gâns reliktwurden bewarret.

It útstel om de saneamde 'stomme' *r* yn it Sealtersk àl te skriuwen, fiel ik mei om dy reden net folle foar. De stavering fan guon wurden soe net fêststean foar't der oer de etymology folsleine ienriedigens bestie. Hoe'n minne saak dat is, bewiist it boppe oanhelle westerlauwersk Fryske *flaakshaal,* dat bêst ekris in stomme *r* befetsje kin.

Foar in taal yn sa'n swakke posysje as it Sealtersk soe boppedat it gefaar grut wêze dat guon dy stomme *r* begûnen út te sprekken, wat de betizing allinne mar fergrutsje soe.

Mozartstrj. 102
6661 BN Elst